

Sjueryrapport Diet Huberpriis 2022

Alderearst wol ik sizze dat de sjuery der grutte wurdearring foar hat dat dizze priis neamd is nei Diet Huber. Sy tekene en skreau - of oarsom - en hie as útgongspunt dat har wurk eigen, ûnferfangber en autentyk wêze moast.

Har wurk, sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk, wie dêrtroch unyk.

Dat útgongspunt hat de sjuery as rjochtline hantearre.

Der moast in kar makke wurde út tweintich yn de ôfrûne trije jier ferskynde boeken. En, lykas te ferwachtsjen foel, blykte it oanbod hiel ôfwikseljend te wêzen.

It foel de sjuery op dat der nochal wat grappich bedoelde karikaturale yllustraasjes wiene. Ek dat it grutste part fan de yllustraasjes net mear wie as yllustraasjes en dêrom net foldie oan de útgongspunten fan de sjuery.

De measte yllustraasjes wiene rjochte op bern - wat bern leuk fine -, mar hiene yn de eagen fan de sjuery net folle unyks.

Uteinlik bleaune der fiif boeken oer. Boeken mei in ferskillend karakter, mar wêryn't de yntinsjes en de belutsenens fan de yllustrator dúdlik sichtber wiene. Dochs, hoe grut de wurdearring fan de sjuery foar dizze boeken ek wie, foel de kar unanym en sûnder wifeling op ien boek.

It ferhaal oer in beppe dy't har bernsbern útfanhûs kriget, is libben, ynfielber en fol ûnferwachtse lytse draaiingen. De taal is krêftich, direkt en tagelyk fol gefoel. De yllustraasjes binne net allinne moai fan foarm en kleur, mar litte mear sjen as de tekst oanjout. Se fertelle om samar te sizzen in eigen ferhaal.

Op alle platen is safolle te sjen. It is net in boek datst samar fuortleist. It is in boek dat dy dwaande hâldt. De yllustraasjes binne unyk fan sfear, eigen en nergens opperflakkich of maklik. It kleurepalet is prachtich. It boek is krekt sa't Diet Huber it sels ek ha woe: ûnferfangber, autentyk, unyk.

Dêrom hie de sjuery gjin oare kar as it prachtige *By beppe útfanhûs* fan Mirjam van Houten te bekroanen.

(Utsprutsen troch Dolf Verroen, mei út namme fan de oare sjueryleden Susan van den Berg en Margaretha Cats, op 20 oktober 2022 yn Museum Belvédère te Oranjewâld.)